

MIENSKAR

Sonnetten

Abe de Vries

Dit e-boek kaam subysdzjefrij ta stân
en wurdt as frij del te laden publikaasje oanbean.
Mienskar is de njoggende dichtbondel fan de auteur.
Copyright 2018 Abe de Vries, Aldsyl

Foar Friduwih

Ynhâld

Mienskar	2
Miedhúske	3
Delten	4
Blomstrjitte	5
Binnenpaad	6
Mûntsjeleane	7
De Granaat	8
Kringebosk	9
Reatille	10
Ojnjakon	11
Civita	12
Chehalis	13
Avernus	14
Kokytos	15
Emporium	16
Fortuna	17
Fatum	18
Freya	19
Bloedlân	20
Braaklân	21
Bûtlân	22
It ynstitút	23
De stifting	24
De lêzing	25
Nij Hiddum-Hou	26
Saailân 2018	27
Hegebuorren 8	28
Aldsyl	29
Eigen doarp (De Antyslamyt)	30
Stad Niks	31
Village Life (1)	32
Iepen doar(p)	33
Village Life (2)	34
Rottefalle	35
Jordaan	36
Hotel Seesicht	37

Mienskar

Doe seach ik, sigeseagjend troch de mieden,
achterop 'e brommer by mem,
myn lân fan hagelslach en flearbeisjem,
it skuorde gerslân gean, de krite blieden.

Unwis oft ik leare sil te swimmen,
de hantsjes keurich op it plankje, koarkjes om,
sa driuw ik fjouwerbaansk ferbûn werom
op flitters lang ferdwûne stimmen.

Skreau Postma net oer hûndert pûnsmiet
oan lytselju's lân, dat ús de midsieu liet?

Ik wist de grûn foar allegear tegearre
fan 'e kaart foar't Marx it demonstrearre:

Verelendung fan mem. – Sis it mar:
der kin gjin mienskip wêze sûnder mienskar.

Miedhúske

Nei 't westen niigjend, hingjend tsjin 'e wyn,
it hat fermits'le ruten, ferkalke muorren
en healsliten ankers yn fertakke skuorren,
al bliuw 'k foar syn fertiigjen blyn.

Syn foarsitterjen fan 'e wolken sjoch ik net
foar 't lêst it lân oer skowen. De radio
ropt fergaderje en ik wit, 't is tiid te let
foar bestjoer oer de dagen – it doek falt no.

Wat 'k wolle soe foar ús heit yn 'e reiden?
Op in fûnemint dat, fersliten, ferwaaide,
fan âlde gieltsjes 'n hûs bouwe, foar ús beide.

Twa hege finsters soe it hawwe, en ik snaaide
wat lije dagen foar yn 'e tún mei, en ik lei de
foarbije simmer del as in fiersicht oer de greide.

Delten

In yn alle ierdekleuren ferve klee
leit djerre fan aaien oer seedyksdelten
en yn 'e blauwite swym fan 'e see
komme se del, dy'tsto telst en

weromjoust oan loftten fan lang lyn.
Oant de jûn falt, myn suster,
en spoarleas achterdyks ferdwynt
dyn jongfolk nei de dei fan juster –

Foar wat beaken yn it polderlân
is plúske op 'e wyn, protter yn 'e hân,

net dalik bloeiend beamt' dat skadet,
in minske, dy't by minsken aardet?

Der rikke earmkes helpeleas nei dy
oer hichten en delten, do suske fan my.

Blomstrjitte

Men soe in ekspresjonist of fauvist wêze wolle,
wurkjend yn syn earste blauwe perioade,
mei in toets op streek fan âlden stuolle.
Mar men is dichter – fan in fersifere koade.

Men hat âlde minsken yn wurden bewuolle,
hjittend fan opa en oma neffens de moade,
mar altyd pake en beppe yn dyn holle;
in ranjeskinkster en in timmerman fan kroade.

De kantriden tsjillen fan 't opferve ûnthâld
stuiterte de Blomstrjitte del fan har lytse wrâld,
Eeltsje bakker foarby, en âlde Jabiks Jantsje –

Do bist dat fleurich omfleanend mantsje,
dy bûke op 'e sânbult, blûn mei pearse plakken.
Wa kleuret dyn ferskiere flakken?

Binnenpaad

Wer hâld ik Heechhouts lining beet,
ik sjuch it binnenpaad nei it Romeinske Ryk,
en 't blauwe streamke, rinnend troch it weet,
dêr delbochtsjen nei de grutte dyk.

Ferware asfalt prottet ta de kanten út.
En tikselblêd, ûnkrûd en rûkersguod
witte al fan't skulpepaden einbeslút:
grut Rome 's te fier fuort.

Myn fyts foel yn 'e griene reiden,
en as súdwyn waaide 'k oer weiden
farsk hea – dy't, falsk twongen ta in tribút,

de memmeterp ferlear oan in bargesnút.
Oan 't paad komt fuort gjin ein.
Wa wol 't net ôflizze? Wa hat it oait lein?

Mûntsjeleane

Ienkear yn 't jier, as 't ljochtmoanne is,
dan komme de mûntsen, safolle is wis,
yn 't ta de nacht út fan 'e grutte misse –
de roomske tsjerke kin in biskop risse.
Se komme foaroer bûgd en rinne te foet
it lân oer, sûnder gloede, ek alle tsjoed
derút rânsele troch de froeden;
bemant'le binn' har de groeden.
Weromreizgjend kom 'k se op 'e nij foarby:
besopen folk no, mar fol earbied foar my,
om't ik mei myn ûnbedreaune hannen
in dyk nei see dochs lein ha troch de lannen.
Sadat se net gean – gjin gekoanstekken –
yn 'e freze mear as in eed te brekken.

De Granaat

De tyngje rûn hurder as oait Jappy de post,
de pleats fan Pyt Skiep, in striehûs foar 't fjoer!
Twa stuollen wien' oer, in linneguodkast.
Twa hynders wien' dea, en dea wie de boer.
De nacht swypke 't folk yn 'n kloft oer de wei
nei 't mulpunt fan ûnk, dat raamde en griep.
Hoe knapten de balken, hoe hong dêr sa glei
in gloede oer 't foarhûs, djip wei yn 'e sliep.
No tilt wer de frucht, en tierich is 't slaad.
Bern gean nei skoalle ta lâns De Granaat.
Mar *fall-out* yn reinders, it stoot noch yn 't rûn:
deselde jiske oer deselde bertegrûn,
dêr't ik de guodlike eagen fan it jongfee fong
en Pyt Skiep net koe, mar no syn swan neisjong.

Kringebosk

Foarby de Sitadel, de earste stim en tsjerkepleats,
rint steil de greide ôf nei de molkfardersfeart.
Dêr heart men jûns, sa seit in âlde nijlânsboer,
noch 't heimich knisperjen fan it miltfjoer.

It gers is der toar, griis binn' dêr de blommen.
De ljurk skrillet dêr wei, gjin flinter wol komme
as 't lang al maaie is – of miskien in toarnmosk,
allinnich omkreupeljend yn 't kringebosk.

„Hjir wie ik biisfeint. Om sizzen joech ik neat,
op aventoeren fleach ik blyn yn foar de Steat.
Mar 'k moete, neitiid werom op 'e Lytse Loege,
in heabroei dy't myn skiep, kij en rieren útroege.”

It fjoer is op 'e rin. De opstekkende westewyn
ferwaait Durk Sybrens' klachte tinne tûken yn.

Reatille

Broer de Jong (1916-1965)

Oer guon plakken krijt dizze haven gjin macht.
Op myn lytse brêgen fan 'e winterwille,
Bloedige Bliinse, Heechhout, Reatille,
kear ik 'm op yn 'e nacht.

't Nammen jaan, it oanwizen fan plak
ûnder snie en iis en jannewarisblêden,
yn in tichtslein boek dat seit, hjir is 't te rêden
wol om alle wrâld syn bonkerak.

Oait manmachtich sille mjitters komme
mei har swaailjocht, tomstok en tromme.
Lûken haw ik tadien, in liny lein,

dy in ynternasjonale wierheid haw ik sein,
fan gjin oar ferdrach of testamint ferlet.
Myn lytse brêgen – dy binn' oan set.

Ojmjakon

Wy, dy't doarpslju binne, freezje de ferliezen.
Do bist, fan bûten kommend, mear as wolkom
om dyn oardiel, siel en sinnen te befriezen:
nim dan in dûk yn wek en weedom.

Ienris út 'e boarne silsto boete dwaan,
dij sil 'e bril oan 'e earen klibje,
dyn ûntspegele glêzen sille min beslaan,
silst nei 'mienskip' stribje.

Foar ûnwennigens is 't te let.
Ojmjakon is wei. Omnibus komt der net.
Lijers bliuwe, moark en al, hurdbeferzen

beethâlden oan har eigengelikense lêzen
fan 'e loftpost. In tropke huzen, it bestiet
djip yn permafrost. Foar dy't fan teiwaar wit.

Chehalis Village

Se ieten – mear as 'n fearnsdiel sa earm as in lús –
fan prairyleelje, bitterkrûd en blibberbeien.
Dat folkje, yn 't kasino fan Lucky Eagle thús,
it flierkeskrobbe al by 't hoannekraaien.

Te meager wie de bringst fan Chevy-wrakken.
De lêste *native speaker* stoar al jierren lyn.
Wa rekke swier, wa waard wer houthakker?
Gjin pronkfearren brocht de skriele wyn.

Twahûndert sielen tusken twa streamen,
en tritich hutten, fan produksjebosk omseame.
In *die hard* kriger, dy't wit dat er doocht
ta medisynman, ferslacht in antropolooch.

Har wurdboek is klear. In mûlfol folksferhalen,
opfiske út 'e kriik. Jackpot klinkt foar lytse talen.

Civita

Op in krap betocht, heech oprizend plateau,
mids moannebergen gauris skodzjend,
leit de kaartsjeknipper fan de slowmotion show
alle dagen yn 'e sinne dodzjend.

It kalkstiennen dogma boppe de Tiber
eroadearret troch subterraanske boargerij.
Under de teannen fan 'e touringcarkliber
is *il paese che muore* nei rampsonnetten slij.

Mei kapbeitel en brekizer bringt winterrein
syn wrekJen en wrigjen al neier by de ein,

en de Skodder, oan 'e wrede, aljaande kant
fan 'e ljochte ierde och sa ferwant,

makket risselwaasje. In selfy yn in lânskip,
noch in kear omsjen. Universum. Lêste drip.

Avernus

Ut 'e Fryske flakte fan 'e raaigerzen greiden,
by it stjonkend wetter fan 't Avernus-mar,
bliuwe wei, hja dy't net mear daaiden
leech it wetterpeil fan neoliberale dûbelkar.

Hjir dan boarrelt bargestront nei boppen,
set de boer in lânleas neiteam op 'e klaai.
Hjir dan klinkt Euridyke's eangstich roppen
om har Orfeus – mar 't fierôf lûd spielt wei.

Pot fertarre, keal bestjurre, grûn te droech;
hokker rie, dy't ús de sensor joech?

Mol ûntholle, wjirm midstwa, krobbe dea.
Folget, hoe kin it oars, de minsk'ne lea.

O Vergilius! Alle wûnders wei: it jonkje grut,
lêst gjin fûgelflecht, wasket kowesturt.

Kokytos

Troch it rûne gat yn 't hert fan 'e spoarbrêge
sjongt er him in paad nei 't deadewâld.
Dêr't, sa seit in swannemarder sêge,
skaden lije, skimen krom en kâld.

Ut 'e reiden klauwe se fan 'e Kokytos.
En hy sjucht se yn prosessy rinnen,
glydskjen oer 'n beferzen see fan triennen,
omknoffeljend op in liersang foar it rosmos.

Yn 'e haven set 'n úttjirge hellehûn
gjin bek, al is 't noch sa, op in premjêrejûn.
Lykwols elke skym mei hertklop rint hjir mei,

falt dan werom, en rekket yn 'e reiden wei.
Omgong ferrint as de lier oait ferstomt.
Stil, stil falt dan it martelrêd fan Iksion.

Emporium

Wer wei út 'n lân dat ik my ynlik winske,
dêr niisnoch sykjend om de leafste minske,
stuts 'k ôf nei 't ryk fan 'e Hyperboreeërs:
farwol oan 't lege stee fan 'e plebejers.

As 't sniedutsen Tanais is 't in emporium
foar út 'e hân fallen hannel – in pecunium.
In wingewest is myn kontrij, in frachttrein
wer ûnderweis nei útlân. Stellerij, oars sein.

Byleaven wit ik fan neat, hâld ik my stil,
wylst de Kikoanes geane foar de *kill*.
Omdat ik net tútsje wol, har taart ferspij,

ûntervje en ûntbalje en ûntholje se my.
Myn lange dagen slyt ik no as *talking head*
en as orakel – de muzen, dy ferkeapje net.

Fortuna

Doarp, dij binn' wol swierrichheden brocht
yn romtes dêr't wy stikten fan it gnizen
oer 't blommepún, dêr't de hjerst om socht
beskikber stelde, mar net útrikte prizen.

Mar kaam ik út myn mûle wei oerein,
hieltyd hurder draafde ik troch de gongen
fan ús kronyk. Doe haw ik dij dyn tijen sein,
dyn floeden en dyn fuortgong songen,

om mei in ploech befrijde minsken
te stean foar 't gjin begjinnensein oan.
Doarp, ik woe graach neist Fortuna gean,

de goadinne, dy't de gewoanste winsken
it wolkomst hjit, of mar knieze lit op 't lân.
As kaam ik hjir wei en koe ik lûdleas bestean.

Fatum

Yn winter en maityd, hjerst en simmer,
ôfwikseljend depresje en te hege druk.
It klimaat wurdt inkeld slimmer.
Mar sis no sels eins, what the fuck

sa'n wurd dan betsjut: 'krimp'?
Heech wetter, neffens fiere universiteiten,
in kêns is 't, fuortkommend út himp.
It bêste der mar fan meitsje, heite.

„Orakel, de Súdlannen binn' prachtich
en alle Techums waakse wrachtich
hurd oan...” – O, foar't ik myn sin

grammatikaal ynoarder ôfmeitsje kin,
trochsjitte skuorren it ferwaaide lân.
Oer lege buorrens aait leit myn lege hân.

Freya

‘Catch Freya – poetry is a way to the Gods’,
mar wa makke ek wer appelsmots
mei swiet-reade rabarber dertroch,
mei ’n gesicht, dat ik net mear foar my sjoch

as wie it juster? Mar saniis noch fong
ik handich ’t byld dêr’t ik no fan sjong.
Fan ’e Vanirsdochter, opbrocht yn ’e bosk,
foar my – in út ’e greppel opfiske frosk.

Se timmeret samar in boekekast
dêr’t hiel it universum yn past,
en set yn in eachwink dat hielal op ’e kop,

fannacht mei ’n laach waarme snie derop.
Mar net foar’t se my tute hat, wat
se wolris docht as winterferskining fan god.

Bloedlân

In ein heger as om 't hôf it tichte beamt'
sjocht de toerhoanne sûnder ferwegen
hoe't de nije moanne yn 'e jûnfal klimt
boppe rigen en rigen grêven hjir omlegen.

Oer it lân glidet twiljocht fan twalûd
en der is wyldgroei yn 'e wjittering –
dy feroaret al yn in poel fan kikkertsbloed,
dy ferklinkt al as in rochel sûnder brekking.

Fleachst dit fierôf gat yn op in wurd
dêr't net ien mear fan wit wat it betsjut.

Hearst hoe stil it is. Hoe't elkien swijt,
fan 'e polityk ûntslein, fan 'e poëzij befrijd.

Alle granyt en glimmer waaie fuort,
net dyn noait fongen, ferreizge fearreguod.

Braaklân

No ploeije en eidzje op 'e braaklannen,
de hiele dei efter de gudzen fottelje,
en lit de kobben en mosken mar prottelje,
rju foarbylden hat myn taal foarhannen.

Alle lytse út 'e rich brekkers ta tsjinst
earst in snjitter komt, dan de sinne deroer,
oant it brûst ûndergrûnsk, en in fjoer
himel en ierde omset yn skjinne winst.

Hinget yn 'e jûn op 'e rêch it fel derby,
falle my de kromme lea al krebintich
yn 'e lapekoer, dan noch sjoch ik dy

opkommen, sa jong en wol mei twintich
glêde spruten ûnder de koarste foar my.
Yn it braaklân, wat wrâld wachtsje wy?

Bûtlân

'n Krûdich keardel bokselet nei de moade
om it sodzige bûtlân hinne, yn 'e kroade
terpmodder foar in leger simmerpeil
tsjin 'e driging fan oerstal op 'e neil.

Klaver, fladderquod en soere surk
dûke wei foar 't flaskowerswurk
en bepompeblêde tanks fol bargestront
ûnderwrotte 't derogaasjefront.

'n Bleek studint produsearret agrokultuer:
lêst ferwoeden him troch fariaasje hinne,
dy't er – uteraard – net respektarje sil.

Yn 'e modelpolders waakst ûnhuer
't lange gers dêr't swarte sifers rinne,
sûn gûnzjend, Sineesk sunich, flinterstil.

It ynstitút

De Kommissje is neffens Boltanski's skets
it bêst te sjen as lichem sûnder holle.
Dat is mear as wat sosjologe-geswets;
de provinsjale útfieringsregeling ferfollet

bline, anonime dreamen. Mei pine yn it liif
wykt it wurd as weesbern fan 'e minsken,
mar hat, alle Fryskpraters ta geriif,
net te kontrolearjen kursuswinsken.

Wat weiwaard, hat net diskutabel bestien.
En in nij bonkerak is net samar te lien,
inkeld foar slapstick, dy't syn krabbel set.

Dan bist der wis fan – it daget dy wat let –:
it lespakket is in meisizzenskipsleas wûnder
mei neimakke legalisearring derûnder.

De stifting

Yn in stille opkeamer mei postbus en e-adres
foar skriuwerij yn eigen taal en dialekten,
en mei in bepaald bysûndere mindfulness
foar ‘fernijende en tradisjonele projekten’,

komme de alles karrende bestjoerders gear
te kedizen oer leafst trije literêre prizen.
Oer Douwe, Rink en Rely rint it drok petear
by Gysbert del, nei Fedde Schurer, de ferliezer.

Boppe de skoarstienmantel de konservator,
letterknecht ta ’t lêst en skriklik imperator,
lit aloan en wer de nammen troch him gean

fan Jan sûnder lân – wêrhinne ferfearn? –
en fan achterbliuwers, masters yn autonomy,
no benefisjinten fan in goederjouske oligargy.

De lêzing

No efkes net harsenskrabje oer 't heffen fan tol
yn 'e Sont, noch oer de yllúzjes fan ús brein.
Net skermesearje mei 't antroposeen, in wrâld te fol
of krekt te rom, of nijerwetsk meubeldesign.

Net freegje oft Homeros as wat hypermoderns
in leechte efterliet as Gryks ladelichter.
Net oft it duldich bidden fan 'e blauwe stirns
ynboarstich resonearret by de rokoko-dichter.

Ik smyt my leaver fûgelfrij nei de oare kant,
yn 't gers, dêr't ik oan it kealledûnsjen lês
hoe't ûnstjerlike rigels my yn 'e mjitte swinge.

Mar neffens annônse yn 'e Leeuwarder Courant
is der in nijsgjirrich middeisprogramma oan in grêft.
N't wier. Wy binn' de lannen yn. Sleatsjespringe!

Nij Hiddum-Hou

*De eagen siikje hâld en hulpe,
De fuotten traapje om it libben...*

Obe Postma

Tusken dêre Koarnwert, Wûns en Surch
sûge njoggen stielen mûnen tuorreheech
út 'e bonken jin, by dei en nacht, it murch.
Tiphichten waaie de lannen leech,

om mei 42 megawatt de ponge fol
te blieden fan ferrieders, dy't foar in sint
eigen Mem ferkeapje foar goedkeape snol.
Dat wol sizze, as it jild it wint.

Mar dan, út 'e reidwâlen fan sleat en feart,
singels om 'e hôven, pôlen yn it lân,
boskje – sels it finkje út 'e kouwe –

alle krûpers, ridders, greidefûgels gear
tsjin it gekkewurk fan 't minsklik ûnferstân,
yn 't bysûnder dat fan deputearre De Rouwe.

Saailân 2018

‘Governmentality’, seit Michel Foucault,
makket boargers ûnderdanen en subjekten
fan de Goede Grutte Oerheidsshow.

Ik rekkenje him ta de krekten,

en sjoen de sinnekape fan ’t museum,
de mâle brede galatrep omheech,
de Reuzen ek, dy’t troch de Doelesteech
net passe yn ’t reklik nij *Te Deum*,

is de mearkemienskip – dy’t misbestjoerd
te kyk op fisyclip en treflik boerd
de minsklike maat beneamt as grut getal,

en wat dêr ûnder falt net sjocht as it gefal –
himsels yndied gelykbleaun op dit plein.
Dy’t ôfwykt: nim de earste trein.

Hegebuorren 8

Dominânsje is it stjoeren fan 'e feroaring.
It doarpke Holwert, och, hoe't soks giet,
wa kin 't wat skele wêr't Waling-om sit
syn belearjende fersen te skriuwen? *Boring*.

Mar Haytskemoai soe der oer opsprekke:
de skande fan 't oan pún fallen dichtershûs,
mar nijbrykse pronkmiljoenen by de rûs;
't ferrotte kesyn, dat syn skepper begekkt.

De ankerpet-elite leit mei mienskipsjild
te kwartetten yn 'n dêrfoar oanlein fjild,
en ik sjoch dat de seecruiser oppoetst is

yn in haventsje der kommen út bekommernis
fan 'e polityk mei rykdom. Noait sil 't
Walinghúske fergean nei de ferdommenis.

Aldsyl

't Lytse doarpke bliuwt in winkel en in kroech,
eartiids folle mear dat gearhing joech,
No is hjir nachts in frommes op 'e sjou
fan 'e wrâld ferret: myn deminte buorfrou.

Seit se, har man is al wei, it hûs te grut,
alle bern útflein, nimmen hat foar har in wurd.
En dan komt se bûten mei har boadskiptas,
stapt se in skimer yn, dy't nimmen past.

En begjint it fan oer see te waaien,
it fan eangst, ferjitnis har te draaien.
Rûkt it nei ierdappelroaien, triedsjefleis,
ien kear jûns dy pil, dy pil twa kear deis.

Oare moarns – it is wer stil – inkeld in ljurk.
Buorfrou is wei. De mienskip sil nei 't wurk.

Eigen doarp (De Antyslamyt)

‘Een meelijwekkend volk’

Sjoch! wa pantoff’lje dêr oer pake’ strjitte,
de fret-oppen foardel quiche en kofjegrom?
Ik bin antyslamyt, rju sille ’t fan my witte!
Soan fan ’t ferrânestedske Friezedom.

O fansels haatsje ik moslims – kin ’t net litte.
’t Ploft omraken op myn kritetrom:
Frjemden, wik ik jim, kin ’t polityk ferjitte.
Kieze of dele. Pompeblêd of likeblom?

Stege keardels, wite wiven, prate normaal
foar de fûst wei foar-de-folksferhuzingstaal,

meie gjin sokses sjen, dy’t identiteiten ferslyt,
kenne gjin mokses, dy’t net fan Geale hyt.

Ek al kostet it my myn twatûzen jier âlde siele –
ik, yn eigen doarp, sil Fries my fiele.

Stad Niks

Ien inkeld tsjipknipke tsjilpt yn 't romteryk
by ynstap Stad Niks. Grappy fan in Biltker.
Yn 't lân fan 'e streekeigen hobbyskilder
rôlet in butst blau belbuske oer de dyk,

stapfoets achter in oait reade Ferguson oan,
dy't syn wurkdei yn 'e fierte wis wit:
Star roaie, foar't de rein fan moarn
dat goud oan wyldens en woastens lit.

De priis fan 't ferfier, de kilometer betelle,
ha de Steaten op dizze útbuorrens ferhelle.
Bûtsikers plôkje 't protserich provinsjehûs.
'Van A naar Beter' fleagje busbestellersblues;

en bestjoerderleas komt de twapersoans
út 'e stêd wei oanwaaien as wat deagewoans.

Village Life (1)

Us unyk-agrarysk-pastorale folkstradysje
werskept jin de merk, rekket it hert.
Do, reizger: sa'n doarpke sûnder plysje
is autentyk-ruraal. Better sliepplak is der net.

Dêr wurde moarns de kowetrôgen reparearre
troch it Projekt, súksesfol en primêr.
De fermoarde ûnskuld, dy wurdearre
mei oardel stjer it ekologysk sanitêr.

't Rassysk suver appelhûf hat plak foar twa,
de bioboer melkt moarns foar greidefla;
keardel komt út in útkearingssitewaasje,
hat mei syn kij in komplisearre relaasje.

Absolute toppers? Foarfêst Amalia-en-dy,
wer wireless ûnderweis nei self-sustainability.

Iepen doar(p)

Subsidiearre ‘artistyk sjoernalistyk ûndersyk’
(sis mar ’t siel- en sinleas achterdoarren
op besite gean by alle hûslju lâns in dyk),
licht in kleureprint fan ‘mei elkoarren’ –

foto’s fan dy-en-dy – wy allegear
dogge mei as ’t folk ropt oan ’e doar,
dat himsels wol iependocht, dan is ’t wer
golle doarpsbewenners mei-inoar.

Yn sa’n sabeare ‘folsleine mienskip’
dêr wurdt buorreplicht ferknipe audioklip,
dêr bewake kamera’s de fortunearre doarpeling
wol syn achterdoar op lêst fan ’e fersekering,

dêr sil ’t achtenearre ynstitút ‘foar altyd’
grûnbesitters konservearje as bysûnderheid.

Village Life (2)

't Bestean – suver en maternaal. Sa groeie
wy op, krobben achter seedyks derriêre.
Wolsto, podde, as kleasterblom bloeie,
of ambiearrest in publike karriêre?

Wa sil hjir mei selskastijen knoeie,
syn skriuwhân yn 'e grûn bedjerre?
Lit do de linen gean, de krollen floeie,
'n kopiist, oait dichter ûnder de stjerren.

O Avatar op 'e buorren, do sikest lok,
mar programmatysk stiet dyn arkadyske klok
hjir stil, yn noed oer toer en tsjerke, heit en mem;

O Avatar yn 'e mieden, do sûpst dy klem.
Wol dan de kronyk, nei âldfaars beslút,
de hea-ekers op – falt de spulkompjûter út.

Rottefalle

Douwe Kalma (1896-1953)

Fier út 'e wei, om súv'rens fûn of net te finen,
hâldt er 'm grut – hy sit net sljucht of rjucht,
mar sa ûnmeilydsum achter swiere gerdinen.
Ut it sintrum wei, berôve fan syn frucht,

noch gjin folkje te bekenen om te ferbinen,
is der folle ding, dat er net rjucht sjucht.
Wêrom foar 't ûngelyk jin wei te winen,
as de rop sa fier foar de died út fljucht?

In gewoane dei yn strykljocht – Aldgilles stapt út.
De lytse kronkeldyk del strampelt it einbeslút
noch fan '15 en '40. It doarp wit fan neat,

seit him trusten en slommet yn 'n eigen steat,
as de fijân fan 'e Franken mis in meter rint
en syn útfeart oer de Noardseestrannen wint.

Jordaan

In glimke derhinne tekene is dit tinkskrift,
it komt mei op reis, it waait mei op drift.
De stêd – wat oars wolle se winne,
dy't tusken de minsken in singel rinne,

dy't gâns te keap ha, en mei alle waan
te pronk stean op 'e merk fan 'e Jordaan?
Mar by it winter sit men likegoed
oer dy't gjin wenstee hat yn noed.

En aansens, seit se, komt wer fan pas
har permisje foar it fûgelfrij terras;

perfekt yn balâns, ljocht spat fan 't blêd,
sa trotsearret sy de gefaren fan 'e stêd –

en stelt slutingstiid de frage: „Wat is wis?
Ik skink dy dyn lêste yn, foar't it nacht is.”

Hotel Seesicht

O humor – gjin oseaan, mar binnensee.
In baai, reiden. Oaljefetflotten oan 'e ree.
De smelle servearster nimt de bestelling op:
dyn eagen – twa *vins blanc*. Ien herteklop.

No dimmet de skjinne loft it tinne ljocht
troch kleure glês, dat de bliere dei út docht.
It lit wer oare kusten sjen as yn it oanbegjin –
do bist myn panorama, ik dyn drinkeling.

Op 't berikke skilderstik sinkt it sinneskip
net nei te gean wei yn 't boaiemleaze djip;
om nei de nacht wer rieds'lich op te dûken,

lossongen út ûnderseeske fûken.
Non-smoking, mar net op it balkon;
it útsjoch wie machtich, pardon.

